

Snein 19 maart 2023
4e snein yn de 40 dagetiid

'Printsje dy wurden yn it hert fan dyn ferstân'



PG Wurdum e.o.

Foargonger: ds. Hinne Wagenaar
Muzyk: Albert Minnema

Muzyk

Wolkom

Iepeningsliet: Yn e mannichte fan lûden (283: 1, 2, 3)

Bemoediging

Fg. Us helper is de Heare
Gem. **dy't himel en ierde makke hat**
Fg. dy't trouhâldt yn ivichheid
Gem. **en net loslit it wurk fan syn hannen.**

Momint fan stilte

Gebed om waarmte

F: Ivige, goede God
wij waarmje ús
oan de belofte fan
in goede, in hielmakke skepping.

Wy hâlde it by inkeld
de leafde as ienige wapen,
bliuwe sykjen nei fersoening en frede,
bliuwe langjen nei freonskip.

**G. Wy skinke elkoar hjoed oan jo hoede,
oan elkoars omtinken en soarch.
Amen**

Liet: Yn e mannichte fan lûden (283: 4, 5)

Oer dizze snein

Utlis oer de liturgyske skikking troch Klaaske de Boer

Lêzing fan Psalm 1 (*Oosterhuis, 150 Psalmen vrij*)

Goed is
dat je niet doet wat slecht is
niet achter oplichters aanloopt
niet met Ploert en Schender heult
niet je schouders ophaalt
'ploert en schender, ach
zo is de wereld'.

Goed is dat je goede woorden
overweegt en wil:
heb je naaste lief die is als jij
de vluchteling, de arme, doe hen recht.
Prent ze in het hart van je verstand,
die woorden
zeg ze voor je uit

gezegend ben je

een boom aan stromen levend water
vruchten zul je dragen
blad dat niet vergeelt
het zal je goed gaan.

Oplichter
ongezegend zal je zijn.
Een storm steekt op
je waait de leegte in.

Liet: Bless the Lord, my soul (103 e) 2x: Ingelsk en Frysk

Mattéus 5, 1 - 10

Doe't Jezus de mannichte seach, gong er de berch op,
en nei't er sitten gien wie, kamen syn learlingen by him.
Hy naam it wurd en learde harren:

Segene: de earmen fan geast,
want harres is it keninkryk fan de himel.
Segene: wa't treurje,
want sy sille treaste wurde.
Segene: de sêftmoedigen,
want sy sille de ierde ervje.
Segene: wa 't honger en toarst hawwe nei gerjochtichheid,
want sy sille sêde wurde.
Segene: de barmhertigen,
want sy sille barmhertichheid ûnderfine.
Segene: wa't suver fan hert binne,
want sy sille God sjen.
Segene: de fredestichters,
want sy sille bern fan God neamd wurde.
Segene: wa't ferfolge wurde om 'e gerjochtichheid,
want harres is it keninkryk fan de himel.

Liet: Bless the Lord, my soul (103 e) 2x: Ingelsk en Frysk

Preek: 'Printsje dy wurden yn it hert fan dyn ferstân'

Momint stilte

Muzyk

Meidielings en kollekte

Gebeden ôfsletten mei it songen Us Heit

The image shows the musical notation for the Lord's Prayer in 3/4 time, G major. It consists of four staves of music with lyrics underneath. The lyrics are: "I God fan fier en hein ús Heit, dat wy hil - lig - je jo nam - me, ûn - der ús sa faak ûnt - wijd, troch jo ei - gen bern be - skam - me." The music is written in a simple, melodic style suitable for congregational singing.

2. Bûch de folken nei jo wet,
lit jo ryk op ierde komme.
Byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.

3. Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,
al dy't skuldich foar ús stiene.

4. Lit oer ús gjin neare nacht,
lied ús net yn blyn begearen.
Binne wy yn duvels macht,
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

5. God fan fier en hein ús Heit,
wûnder heimnis is jo namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen.

Slotliet: Wy gean mei Jo segen (425)

Seine